

Buorman Brombear

Ciara Flood

Oerset troch: Hermien van der Meer

ISBN: 978-94-92176-39-4

Oer it boek

Bear wennet hielendal allinne op 'e romte en dat befalt him poerbêst. Hy is dan ek net bliid as in knine-famylje in hûs bout nêst dat fan him. De knyntsjes wolle graach freontsjes mei bear wurde, mar dat wol bear net. Se bliuwe it besykjen en úteinlik slagget it fansels!

Tema's

Thús, allinne fele, freonskip, buorlju, lige/de wierheid fertelle, elkoar helpe

Yllustraasjes © 2015 by Ciara Flood, First Published in the UK in 2015 by Templar Publishing

Foar en ûnder it foarlêzen

- Lit de foarkant fan it boek sjen. Wat sjogge jim op de foarkant?
- Lês de titel: *Buorman Brombear*. Wa soe dat wêze? En wêrom soe er sa hjitte?
- Lês it ferhaal yn in rêstich tempo foar en pas dyn stimgebrûk en yntonaasje op it ferhaal oan (stim ferheffe by: "Nee! Nee! Nee!" Bear raast it út.)
- Ek mei mimyk en ekspresje kinst it ferhaal fersterkje (earms oerelkoar by: "Ik ha gjin huning", seit Bear.)
- Wiis details yn it ferhaal oan ûnder it foarlêzen (Nei de slûgjende bear wize en it slûgjen foardwaan by 'Bear leit lekker te slûgjen by it fjoer as ...').
- Kinst ûnder it foarlêzen sa no en dan ek sjen litte hoe'tsto it tinken oer it ferhaal oanpakst (Ik tink dat de knyntsjes graach freontsjes wur-

de wolle mei Buorman Brombear, ik bin benijd oft dat slagje sil).

- Beäntwurdzje fragen of reaksjes fan bern koart, mar bliuw net te lang hingjen. Nei ôfrin hawwe jim alle tiid om it ferhaal te bepraten.


Nei it foarlêzen

- Wachtsje earst eefkes de spontane reaksjes fan de bern ôf en praat nei oanlieding dêrfan mei de bern oer it ferhaal. Freegje as it heal kin ek troch: Hoe witst dat? Wêrom tinkst dat?
- Gryp werom op de fragen dy't jim oan it begjin hiene: Hawwe wy no in antwurd op ús fragen? Wêrom hjit de bear op de foarkant Buorman Brombear? En wêrom stiet er sa foar de doar?
- Hoechst fansels net alle fragen te stellen, it moat gjin krúsferhoar wurde. Kies in pear goede fragen dy't de bern útdaagje om nei te tinken



en te praten. In pear foarbylden fan fragen dy'tst stelle kinst:

- Buorman Brombear fynt it net leuk dat de knyntsjes neist him komme te wenjen. Wêrom net?
- De knyntsjes besykje freontsjes te wurden mei Buorman Brombear. Hoe pakke se dat oan? En slagget it ek? Hoe kinst oan bear sjen dat er gjin freontsjes wurde wol?
- Wêrom giet Buorman Brombear úteinlik dochs by de knyntsjes op besite? Sjoch ris nei de yllustraasjes, wat nimt er mei? Wêrom soe er dat meinimme? Hoe fynt er it by de knyntsjes? Hoe kinst oan bear sjen dat er it nei syn sin hat?



- Dit wiene foarbyldfragen by it tema 'freonskip'. By in folgjende kear foarlêzen kinst hieltyd in oar tema út it boek sintraal stelle en dêr spesifike fragen oer stelle.

Mear dwaan

Sjoch foar mear materiaal passend by dit boek yn de Doch mear mei Tomke-map en yn de Tomketeek, bygelyks by it tema 'freonskip'.



In pear foarbylden:

- Sjong it ferske 'Sykje' út de Doch mear mei Tomke-map en lit de bern troch de romte drave. By de sin "k Sjoch it al, dy moat ik ha!" pakt elk in oar berntsje by de hantsjes beet.

Sykje

*'k Sykje om myn bêste freon
'k Seach him noch ferline sneon
'k Sykje sus, 'k sykje sa
'k Sjoch it al, dy moat ik ha!*

- Rjochtsje in hoekje yn de romte yn as hûs fan Buorman Brombear. Mei in stoel, boeken en miskien wol echte houtblokken en potsjes huning. De bern meie om beurten Buorman Brombear spylje en yn de stoel sitte. De oare bern klopje op de doar (of op de kast/tafel) en meie him wat freegje. Wat soe Buorman Brombear antwurdzje?
- Buorman Brombear is net sa faak bliid. Hy foeteret, grommelet, bromt en raast. Hoe sjocht ien derút as er likk is? Kinne jimme dat sjen litte? En hoe fernimst it as ien bliid is? Buorman Brombear hjit net foar neat 'Brombear', hoe soe er hjitte as er altyd bliid wie?
- Op it skutblêd fan it boek stiet in skilderijke mei 'Oeral thús, mar thús it bêste'. Wat soe dat betsjutte? Meitsje mei de bern ek sa'n skilderijke, op in stik karton of in lyts skildersdoekje. Lit se dêr harren eigen hûs op tekenje of fervje. Wa wenje der allegear yn it hûs? En wêr stiet dat hûs?

